



# Leafde en papier 1

## TYPE AKTIVITEIT

Skriuwe, riedspultsje

## TEMA

Leafde, feest en feestdagen, sjonge en spylje, it libben rûn

## OANTAL DIELNIMMERS

1-10

## DOER

60+

## PERIOADE

1940-1975


## SLÛT OAN BY

**Alde Leafde**, alle ferhalen, yn it bysûnder de ferhalen oer Tjamme en Janke Valk en Klaas en Tini Kuperus

Sjoch foar oanfoljend materiaal op de webside [datwiedoesa.nl](http://datwiedoesa.nl)

**T**jamme en Klaas hâlde beide lang yn Ynje ta. Tjamme yn in Jappekamp, Klaas as marinier yn it kader fan de polisjonele aksjes. Brieven binne foar beiden jierrenlang de iennichste manier om kontakt te hâlden mei famylje en beminden.

It skriuwen fan brieven wie needsaak, mar ek moai om te dwaan. Hoe koart oft Tjamme syn brief ek is, dochs sjochst de jongfeint foar dy op de pasar.



Op 30 jannewaris 1948 set Klaas Kuperus ôf nei Ynje. Hy beskriuwt oan Tini syn reis op 'e boat.



Yn Alde Leafde binne brieven byelkoar brocht fan ferskate Friezen dy't yn de perioade 1940-1975 skreaune oan harren leafsten. Fan alle brieveskriuwers is ek in koart libbensferhaal te lêzen en it gehiel is oanfolle mei de troufoto's út dy tiid.



# Leafde en papier 1

## DOEL FAN DIZZE AKTIVITEIT IS

- Skriuwe foar it plezier
- Oantinkens ophelje
- Meielkoar in spultsje dwaan en elkoar op dy manier better kennen leare.

## TARIEDING

Gean nei oft de aktiviteit by de groep past. It giet om it opheljen fan âlde oantinkens oan de leafde. Dat kin allinnich as de dielnimmers dêr graach oer prate.

## WAT JO NEDICH HAWWE

Foar alle dielnimmers

- Pinne en papier
- Kopyen fan it ferhaal fan Tjamme en Janke, fan harren brief en fan harren foto

## Opdracht

*Oantinkens oan de leafde.*

Troch de leafde (op papier) te beskriuwen, komme oantinkens sterker nei boppe. Dat wurdt noch ris fersterke troch it mei elkoar te bepraten.

## Aktiviteit

1. Lês it ferhaal fan Tjamme en Janke foar, of lit ien fan de dielnimmers it foarlêze
2. Meitsje in rûntsje en lit alle dielnimmers om beurten fertelle oft se troud binne of troud west hawwe of ferloofd ensfh.
3. Lit alle dielnimmers fertelle hoe't it siet mei de ôfstân. Wenne harren feint of faam fier fuort? Hawwe se wolris foar in langere perioade fier by harren feint of faam wei west? Skreaunen se doe brieven?
4. Bepaal fan tefoaren hoefolle tiid oft elke dielnimmer krijt en hâld de tiid by. Lit dêrnei alle dielnimmers op papier in beskriuwing jaan fan harren man/frou (of eks-man/-frou) út de tiid dat se meielkoar yn 'e kunde kamen.

Op papier komt te stean:

- Hoe't hy of sy derút seach
- Wat syn of har berop wie
- Wêr't hy of sy doe wenne
- Hobbys
- Wêr't de dielnimmer him of har troffen hat.

Dat mei sa'n fiif sinnen beslaan.

It soe wêze kinne dat der dielnimmers binne dy't net sa maklik skriuwe kinne. Yn dat gefal kin sa'nien jo miskien de beskriuwing diktearje. Of miskien is der immen yn 'e buert dy't byspringe kin.

- Dêrnei nimme jo de briefkes yn en lêze se yn willekeurige folchoarder foar sûnder dat jo de briefkes oan de dielnimmers sjen litte.
- De dielnimmers meie riede by wa't it briefke heart. Dejinge fan wa't it briefke is, ferklapt neat. (As der net folle manlju binne – wat it rieden fan harren partners fansels makliker makket – dan kinne de manlju harsels ek beskriuwe út 'e tiid fan harren trouwen om it rieden net te maklik te meitsjen.)

## Alde Leafde

*Der wiene dagen dat de leafde ús dwyl en oerémis makke. ús hannen sykjend, ús mûlen waarm, fjoer wie it, lôgjend fjoer.*

*Leafste, wit dat wy dat wiene.*

*Der wiene dagen dat ûnwennigens ús bange hert ferstienne, gjin wurden mear, iuskâld, allinne, fertwifele, alhiel oerstjoer.*

*Leafste, wit dat wy dat wiene.*

*Der komme dagen dat de leafde, dy't wy net mear betinke kinne, genôch wie foar in hiel bestean, oant nei ús dea, it giet net oer.*

*Leafste, wit dat wy dit binne.*

Baukje Wytmsa



As Tjamme Valk nei ien fan syn reizen nei Njye in healjier thús is, moettet hy Janke op in bajún yn de Aardappelbeurs.